

Dorpscanon van Folsgeare

CARPE DIEM - FOLSGEASTERLEANE 4



© Foto argyf Wymbritseradiel

Carpe Diem - Folsgeasterleane 4

Eartiids stiene der yn it gebiet oan'e eastkant fan Folsgeare oant Snits in soad pleatsen dy't troch rinderspaden mei elkoar ferbûn wiene. Om't dizze rinderspaden in grut part fan it jier ûnbegeanber wiene, gie it ferfier oer it wetter. De measte pleatsen binne ferdwûn en it gebiet is foar it grutste part bedriuwenterrein wurden. Der binne nije wegen oanlein en yn plak fan hynders en karren sûze der no daagliks tûzenen auto's oer de neistlizzende autodyk. Mar noch net alles is ferdwûn. Iensum stiet der noch ien pleats as in oantinken oan eardere tiden. Dizze pleats hat de namme "Carpe Diem". Der wurdt net mear buorke, mar de pleats hat oant de dei fan hjoed de útstrieling fan in grutsk ferline.


De pleats hat in lange skiednis. Ut'e argiven witte wy dat der op dit stee al hiel lang buorke wurdt. Yn 1511wenne hjir in Broer Hottiaz. Yn 1778 is de pleats eigendom fan Johannes Hendriks en wurdt hierd troch Heere Cornelis.

Dorpscanon van Folsgeare

CARPE DIEM - FOLSGEASTERLEANE 4

Yn 1786 lit Johannes Hendriks der in nije pleats del sette en hy set yn 1787 de neikommende advertinsje yn de LC.

De Secretaris ADEMA, zal op Dinsdag den 11 December 's Namiddags om één uur in de Witte Arend te Sneek by strijkgeld verkopen. Een Stemdragende ZATHE en LANDEN, met een Nieuwgebouwde Huizinge en Schuure gelegen te Folsgeare, groot over het geheel 61 en drie vierde Pondematen, alle beste griedlanden belast met 25 floreen, te huur doende boven alle lasten 330 Gl. by Heere Cornelis bewoond, Petry en May 1797 vry van Huur.



Yn 1786 wurdt de nije pleats boud

Heere Cornelis en syn frou Foekje Jans keapje de nije pleats en wenje der mei harren bern oant Heere Cornelis stjert. Foekje Jans trout op'en nij yn 1797 mei Beerend Hendriks. Nei it fertsjerren fan Beerend Hendriks yn 1827 wurdt de pleats kocht troch Ruurd Freerks Abma.

De pleats is in tradisjonele kop-romp pleats, mei in útboude molkekelder oan 'e eastkant. It bargehok stiet in stikje fan'e pleats ôf, tichtby de opfeart. De hynstestâl is noch net boud en de opfeart rint oan 'e pleats ta. It hôf leit oan de hiele westkant fan'e pleats en de tagongswei is noch mar in rinderspaad troch it lân.

It duorret noch oant 1842 foardat de earste Abma op de pleats komt. Ruurd Freerks syn dochter Baukjen trout dan mei Sijmen Sipkes Kooistra en sy wurde boer en boerinne op'e pleats. Baukjen Abma stjert yn 1852 en Sijmen Sipkes trout

Dorpscanon van Folsgeare

CARPE DIEM - FOLSGEASTERLEANE 4

op'en nij mei Johanna Gosses Bootsma. Sy wenje tegearre op 'e pleats. Wannear't Johanna Bootsma yn 1856 fertjert, trout Sijmen Sipkes op'e nij en wol mei widdow Sytske Postma. Nei in boelskieding komt Teade Ruurds Abma op'e pleats. Hjirmei ferhuzet it "haadkertier" fan 'e Abma's fan Folsgeasterleane 2 nei Folsgeasterleane 4. Teade Ruurds lit yn 1865 in nij foarhûs foar de pleats bouwe. Nei it fertsjerren fan Teade Ruurds yn 1904 wurdt soan Ruurd Teades de nije bewenner. Hy is dejinge dy't de pleats yn 1907 ferbout nei de foarm fan hjoeddedei.

De pleats stiet oan'e ein fan 'e Folsgeasterleane. As je oanrinnen komme, falt it each it earst op it grutte en foarname foarhûs. Ek it neistlizzende weinhûs hat in prachtige gevel. De homeije peallen dy't de yntree siere, binne eksakt deselde as de hikkepeallen by de yntree fan'e tsjerke yn it doarp. Spitich dat de tagongshikke de jierren net oerlibbe hat.



Ut alles docht bliken dat hjir goed buorke waard en dat woe de boer wol sjen litte. Lykas sa folle boeren yn dy tiid demonstrearret hy syn wolstân en status troch de pleats it oansjen fan in hearehûs te jaan. It stik net ferhurde rinderspaad oan it boereleantsje ta waard fluorre mei gieltsjes.

De yndieling fan'e pleats sa't dy destiids wie, is noch maklik werom te kennen. As je troch it rjochterrút fan it weinhûs kypje, sjogge je de keamer fan'e arbeider. Arbeiders wennen net by de boerehûshâlding. Se wennen, krekt as de lettere Hantsjemieren, wat efterôf en apart. It wendiel wie foar de boer en syn

Dorpscanon van Folsgeare

CARPE DIEM - FOLSGEASTERLEANE 4

húshâlding. Oan'ê linkerkant wie it washok mei it húske foar de arbeider, ek dat moast apart. Efteryn it no ôfbrutsen part fan it weinhûs, rûn it hynder dat de tsjermole draaiende hold. Under it hiele foarhûs is in kelder dêr't de molke ôfdreage waard. De boerinne soarge yn'ê koken foar it bûter meitsjen. De tsjermole wie dêrby in ûnmisber stik ark oant de komst fan'ê bûterfabriken. Tsiis waard op'ê pleats einliks net makke.

Efter de foarein is it bûthús, boud yn'ê Hollânske styl. Hjirby steane de kij mei de koppen nei elkoar ta, skieden troch in foergong. Efter de kij is de groppe. Yn de Fryske pleatsen steane de kij mei de koppen nei de bûtenmuorre en rint de groppe efter it fee lâns. Efter de pleats stiet in grutte skuorre foar de opslach fan it hea. It is in aardich seldsum type pleats dat benammen troch de adel yn it begjin fan 'e 20e ieu boud waard. Foardielen wiene dat de kij mear ljocht en romte



hiene, is wie brânfeiliger en hygiëne wie better. Yn Fryslân waarden tusken de 10 en 15 pleatsen fan dit type boud. De skuorre is boud mei blinkende golfplaten. Yn 'e folksmûle krige de pleats dêrom al ridlik gau de net sa kompliminteuze namme "de Blikken Skuorre", letter ek wol "de Blikken Pleats".

Dorpscanon van Folsgeare

CARPE DIEM - FOLSGEASTERLEANE 4



De grutte skuorre foar de opslach fan hea efter de pleats, is de reden fan de âlde namme fan

“de Blikken Skuorre ”

Oan ‘e noardkant fan ‘e opfeart wie hiel lang lyn in beammesingel dy’t “het Bosch” neamd waard. By waarm waar waarden hjir de molkbussen yn it wetter lein om de molke koel te hâlden. Je kinne noch sjen dat de opfeart destiids troch rûn oant hast oan ‘e hynstestâl nêst de pleats ta wêr’t no in moderne loads stiet. No dogge noch in pear âlde beammen nêst de loads tinken oan dizze gloarje dy’t ferline tiid is. Oan ‘e súdwestkant nêst de pleats wêr’t it hôf wie, leit no noch it restant fan ‘e rûchskerne.

Yn 1936 folge Meinte Rurds syn heit Rurd Teades op as boer op “de Blikken Skuorre”. Dizze namme noaske Meinte mar min. Hy fûn dat sa’n steatlike en foarname pleats in bettere namme fertsjinne, in namme dy’t ek rjocht die oan syn



status as grutte boer. Hy betocht de namme “Carpe Diem” as nije namme foar de pleats (Pluk de Dag). Dizze namme foel sa yn goede ierde, dat de âlde namme hast net mear heard waard. It boerd oan ‘e sydmuorre mei de nije namme is destiids makke troch Feike van der Velde.

Dorpscanon van Folsgeare

CARPE DIEM - FOLSGEASTERLEANE 4

Meinte wenne oant 1966 op 'e pleats. Hy wie in foarútstribjend man en wie de earste boer yn it doarp mei in molkmachine fan it Amearikaanske merk "Surge". Hjirfoar wurdt de jister fluorre mei gieltsjes en ynrochte mei in fêste opstelling foar de melkmachine.



Meinte Abma
oan it wurk op it
lân efter de
pleats

De pleats bliuwt net lang mear in Abma-pleats. Meidat Meinte Ruurds Abma en Akke Boschma gjin bern krije, is der net in opfolger. Yn 1966 ferkeapet Meinte Ruurds de pleats oan Johan van der Wal en nei hast oardel ieu komt der in ein oan it Abma tiidrek oan'e Folsgeasterleane 4.

Johan van der Wal komt út Genemuiden en tegearre mei syn frou Harmke Knol, syn skoanmem en de bern Jan, Hermien en Cobien binne hja de nije bewenners. Hy wurdt njonken boer foaral bestjoerder. Nettsjinsteande dat hy gjin wurd Frysk praat, wurdt hy yn koarte tiid in echte Folsgeaster. Johan hat jierrenlang foarsitter fan doarpsbelang west en wie de driuwende krêft efter de realisaasje fan it earste doarpshûs. Yn Folsgeare wurdt de hûshâlding útwreide mei de komst fan'e bern Erna, Jeanet en Arjen. It hiele doarp is yn'e rouwe as Johan syn frou Harmke yn jannewaris 1991 hommels ferstjert. In geweldige slach foar Johan en de bern. Koart nei syn frou, mei de krystdagen fan 1992, stjert ek Johan van der Wal.

Dorpscanon van Folsgeare

CARPE DIEM - FOLSGEASTERLEANE 4

Nei it fertsjerren fan Johan wurdt it measte lân om de pleats ferkocht oan de gemeente Wymbritseradiel dy't ferlet hat fan bougrûn foar wenningen en yndustry. Jan, de âldste soan, wennet earst allinne en fan 1994 ôf tegearre mei Sjoukje op de pleats. Yn 2005 wurdt ek de pleats en it restant fan it lân oankocht troch de gemeente. Yn 2008 ferlitte Jan en Sjoukje de pleats en komt it foarhûs leech te stean. De stâl, skuorre en de loadsen wurde mei wat lân ferhierd. Sûnder bewenners wurdt der gjin ûnderhâld dien en de ienris sa grutske pleats giet hurd efterút. Nei in pear jier groeie de beammen lâns de gevels fan it foarhûs en de skuorre omheech en troch de strûken is it foarhûs net mear te sjen. Nei de leechstân is no it ferfal begûn.

Nei de gemeentlike weryndieling is de pleats eigendom wurden fan de nije gemeente Súdwest-Fryslân. De gemeente nimt de ferantwurdlikens en der wurdt kapt, snoeid en ûnderhâld dien oan de âlde pleats.

Wat de plannen binne mei de pleats, dêr't al sûnt de 10e ieu boerd wurdt, dêr kin anno 2020 noch neat oer sein wurde. De terp dêr't de pleats op stiet, is fan grut archeologysk belang en stiet op de Fryske Archeologyske Monumintenkaart. It weinhûs stiet op de list fan jonge monuminten. De pleats wurdt foarearst anti-kraak bewenne. Binnen de plannen foar de realisasje fan it nije bedriuwenterrein Hemmen III sil socht wurde nei in passende nije bestimming fan de pleats.



Dorpscanon van Folsgeare

CARPE DIEM - FOLSGEASTERLEANE 4

“De Blikken Skuorre” is de lêste yn syn soart yn Fryslân en moat beholden wurde. De pleats fertsjinnet in eigen, markant plak.



Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: Atse Bruin, Wytske Heida, db Folsgeare, gem. Wymbritseradiel

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.